

Goeiemiddei bêste en leave minsken!

Tige wolkom hjir, út namme fan it Oekumenysk Wurkferbân Hjelbeam. Wy ha jimme útnoege omdat hjir, op dit plak, 40 jier lang om de 14 dagen de snein fierd wurdt. En dat op in manier dy't ús oansprekt en dêr't it blide nijs ús mei rekket.

Dat begjint al yn it hokje achter yn de hal, as wy elkoar as kommisje moetsje. We sjogge de minsken oankommen, dy't jierren lang troch Ymkje en no troch ús koster wolkom hjitten wurde en wy hearre Evert al spyljen. It hat wat fertroude, wat smûks! Yn dat hokje wurde de wel en wee's oan elkoar ferteld en dy't de foarstap hat, bidt op syn eigen wize it konsestoarjebed.

As ik dat dwaan mei begjin ik wolris mei in krús te meitsjen, mar meastal begjin ik mei in praatsje. Want sa't wy dêr by elkoar steane binne wy tige befoarrjochte minsken, allinnich al omdat wy hjir noch komme kinne. En dat wy ús hjir, nettsjinsteande ús ferplichtingen as kommisjelid, frij fiele. En ik tink, dat wat wy dêr yn dat lytse hokje fiele en erfare, aans, min of mear, ek sa erfaren wurdt troch ús tsjerkegongers. Dat frije, dat noflik sit sis mar al ferpakt yn ús namme: Frysk Oekumenysk Wurkferbân Hjelbeam.

It Frysk, dat is in gefoel fan de leafde foar it eigene, de grûn, it wetter en de loft. Mar ek de minsken, de bisten, de natoer en de kultuer mei al syn fasetten. Sillige Titus Brandsma sei it 80 jier lyn al, dat wy ús sels te koart dogge as wy ús eigen taal net yn tsjerke brûke! Dat eigene jout wat fertroude en dêr wurdt dat bliid boadskip wat wisser fan. Je komme dêrtroch in lyts bytsje tichter by dat beloofde heitelân.

Dan de Oekumene, je kinne ek sizze, katolyk of algemien. It is net in maklik begryp. It is tink ik dat goede gefoel dat wy foar it Frysk ha, dat je itselde gefoel ha kinne foar Gods hiele skepping. Dat goede gefoel wurdt dan yn in grutter perspektyf setten fan de hiele bewenne wrâld. Dan is net mear it eigen belang de mjitte, mar de humaniteit nei de hiele Skepping ta! Yn de Oekumene komt der romte en respekt foar de oare. It is in Jesejaanse profesij; in ko en in bear weidzje tegearre en har jongen lizze byelkoar. Rooms en Protestant sitte yn deselde tsjerke en de bern trouwe mei elkoar. By de Oekumene is de angel fan de macht er út. Op in tige beheinde manier bart dat hjir no yn Hjelbeam, we sjogge dat werom yn ús blidens.

No noch it wurdje Wurkferbân. It wurkferbân is gjin gemeente, gjin parochy. It is in selsstannige stichting dy't prebearret yn praktyk te bringen wat Jezus, de Hear, fan ús freget. It Wurkferbân hat gjin inkel foech om it leauwen of wat der al of net foar trochgiet, fan minsken te hifkjen. Ik tink dat dat foar ús in segen is. En dan it wurdje Wurk. It stiet der net foar neat. Us wurk bestiet om de lofsang hjir geande te hâlden, it tsjerkegebou wat by de tiid hâlde en it foarnaamste, tink ik, is ús wurk nei de wrâld ta troch ús diakonij. Want ik tink dat it gjin inkele sin hat om sneins fleurich en goed te sjongen, as we gjin each ha foar de realiteit dêr't ús neisten yn ferkeare. It is hjir in goede gewoante om yn alle fieringen dêr oandacht oan te skinken en in kollekte te hâlden foar de diakonij.

Beste minsken, ik sis it nochris: it is in foarrjocht om hjir te stean, om hjir te wêzen. De freugde liedt ús nei dit hús, hjir komt ús 't Wurd benei. God ropt syn Namme út oer ús, wy sjonge fan syn dei.

In goede middei en frede en alle goeds.

Paulus Hettinga